Mantgum,14 maart 2005.

Oan de foarsitter fan de Provinsjale Steaten fan Fryslân,
de hear drs. E.H.T.M. Nijpels

Underwerp: wurklistpunt 05B

Achte foarsitter,

Nei oanlieding fan de behanneling fan de notysje “Herziening doelstellingen Fries in het PO “ yn de kommisje Boarger en Mienskip 10 maart l.l. hawwe wy oangeande punt 5B fan de wurklist foar de Steategearkomste d.d. 16 maart o.s. it folgjende fersyk.

1. Wurklist 05B: de notysje “Herziening doelstellingen Fries in het PO “ hjoed net fêststelle, net behannelje, dit op basis fan de útkomst fan de kommisjegearkomste Boarger en Mienskip fan 10 maart l.l., omdat de notysje sa net beslútryp is; dêrfoar yn it plak dit brief oan de foarsitter cq dizze opdracht oan de deputearre behannelje.

2. Oangeande de ynhâld fan it brief/stik :De steaten jouwe in helder sinjaal oan de Minister en de Twadde keamer as it giet om de kearndoelen.
De Fryske Steaten hâlde dêrby fêst oan in prinsipiële lykberjochtiging fan beide rykstalen yn it primêr ûnderwiis.

3. De steaten fersykje de deputearre yn de rin fan dit jier te kommen mei in nije yntegrale beliedsnotysje, dêr ’t de wize wêrop de Provinsje stâl jout oan de konkrete útfiering fan de kearndoelen yn it PO(basisûnderwiis) yn beskreaun wurdt (Soe ek in startnotysje wêze kinne mei dêryn opnaam de ympulzen, dy ‘t de wurdfierders yn de Kommisje B en M oanjûn hawwe).

Ut namme fan,

CDA, Geart Benedictus
PvdA, Hannah Ludwig
FNP, Annigje Toering
VVD, Wietske Lycklema à Nijeholt
Grien Links, Theo vd Bles
CU/SGP, Rein Ferwerda
D66, Johan Sieswerda.